

Jûn bin ik nei Twellegea west om it stik 'De tiid foarby' fan Fjoer te sjen.
It wie in tige goed stik (tragi/kommeedzje) dat op treflike wize spile is. De
ynhâld wie oangryplik (heftich)!

De spilers wiene geweldich. It binne suver faklju.

Woansdei bin ik mei Janny nei Tryater west. Hja spilen it stik 'Thúsfront'.

Fjoer (amateurs) kin hast wol mei Tryater konkurrearje. Twa toanielgroepen fan
heech nivo!

It stik waard spile yn in hiel moai lyts tsjerkje efter Snits. In lytse
sechstich minsken makken dat it geboutsje (monumint) hielendal fol siet.

Willem O. Santema